



It libben is in wûnder

Jentsje Popma wurdt dit jier hûndert. Tsjien jier lyn sette er syn lêste skilderstreken nei in warber libben yn de byldzjende keunst. It Frysk Museum hat wurk fan him, museum Belvédère. Hy makke brûnzen bylden fan Gysbert Japicx, Piter Stuyvesant en Anne Vondeling dy't yn Fryslân te finen binne. Tsjerken en skoallen hawwe wurk fan him yn keuzen en op muorren. Noch altyd wennet de byldzjend keunstner thús yn Ljouwert. De fakblêden lizze op tafel, mei in pear romans derneist. It gehoar buorket efterút, mar foar de rest besiket er alles goed by te hâlden. As it interview útwurke is, kriget er it gewoan fia de kompjûter binne om alles nei te lêzen.

Hoe witte se no dat ik dit jier hûndert wurd, tocht ik noch, doe't jo my bellen foar in ôfspraak", seit er, as er achter my oanrint de wenkeamer yn. „Ik kin der net oer út." Werom yn syn grutte fauteuil, kriget er it briefke derby dat op it blêd fan de sekretêre dêrneist klearleit. „Elk mens kan honderd worden als hij niet struikelt over de vele drempels die hij in zijn leven tegenkomt", lêst er foar. „Sjoch, dat haw ik opskreaun. Want dat wolle jo dochs witte? Hoe't ik hûndert wurden bin?"

„Oft ik in soad drempels hân haw yn myn libben?" Hy glimket blijmoedich. „Ik wie yn in winter op de Grutte Wiellen oan it reedriden. It wie jannewaris en wy wiene mei ús trijen. It wie lâniis dêr't wy ús streken makken en stiene op in kloftke by elkoar. Ynienen sakke ik troch it iis. Krekt ûnder it plak dêr't ik stilhâlden hie, siet in sleat. Doe moast ik fan 'e Grutte Wiellen ôf noch nei Ljouwert ta fytse, wylst it behoarlik frear. Al myn klean wiene beferzen. Dat is sa'n drempel. Ja, dat is sa, dit wie in fysike drempel. Oft ik ek mentale drempels kend haw? Elk minske komt foar drempels te stean, mar jo moatte net tefolle strompelje. Jo freegje my oft ik tsjinslach hân haw yn it libben? Ik mei net kleie."

Jentsje Popma waard op 30 septimber 1921 yn Swol berne. Al gau ferhuzen de Popma's nei Ljouwert ta dêr't Jentsje syn jonge jierren trochbrocht. In freondinne fan syn mem, frou Hordijk, krige op in dei de tekeningen fan Jentsje ûnder eagen. Se wie djip ûnder de yndruk

en frege as se syn wurk meinimme mocht nei hús ta, nei Rotterdam. Dêr woe se kontakt opnimme mei Herman Mees, direkteur fan de Academie voor Beeldende Kunst en Technische Wetenschappen. De ferneamde keunstskilder seach Popma syn talint. Lit him mar op de oplieding komme, sei er, en sa betearde Popma, sechtjin jier âld yn Rotterdam telâne, it plak dêr't syn âlden elkoar kennen leard hiene fan de Fryske krite. Nei Rotterdam kaam Popma yn Amsterdam op de Rijksakademie van Beeldende Kunsten. Syn talint waard dêr yn 1946 bekroand mei in akadeemjepriis, de Cohen Gosschalk priis. De renommarre Prix de Rome, in priis dy't him in soad mooglikheden jûn hie en dêr't er o sa op hope hie, siet der net yn. Syn wurk wie dêr yn dy tiid te klassyk foar. Sa bedarre Popma wer yn Ljouwert dêr't er him talei op byldzjende keunst yn al syn fasetten. Skilderijen makke er dêr't, brûnzen skulptueren, mar ek keunstwurken mei glês yn ferskillende techniken. It gemeentehûs fan Stiens wurdt bygelyks sierd troch in wurk fan prachtige tulpe-mozayk. Foar sikehûs De Sionsberg yn Dokkum makke er in Ichthus en wynstôk. Yn opdracht fan de Plattelandsvrouwen makke er yn de Gertrudistsjerke fan Warkum bygelyks in glês yn lead fan Martha en Maria.

Oanrekke troch it leauwe
Jentsje Popma komt net út in kristlik miljeu, mar waard oanrekke troch it leauwe doe't er as jonkje wol mei in maat meigie nei tsjerke. Uteinlik is er yn de mennistetsjerke fan Rottefalle doopt. Yn dy tsjerke hingje ek in pear wurken fan him



Ik wit net wêrom't it
geloof sa wichtich
foar my is. Mar my
is wol dúdlik dat der
folle mear is as dat
wy sjogge

Elk minske komt foar drompels te steane, mar jo moatte net tefolle strompelje

yn glês yn lead. „Dy binne der kommen út it kontakt dat ik hie mei Else Atie Franken-Duparc (1911-2000).” Dizze mennistedúmny dy't ek letter ta it leauwe kaam, rjochte yn de santiger jierren fan de foarige iuw in pastoraal sintrum op yn dit doarp, Heliatros, in hûs foar minsken yn need. Twa ruten makke er foar de tsjerke. „Oan ien kant is Kristus ferbylde, oan 'e oare kant sjochst de minsken dy't nei him harkje.”

It leauwe hat altyd wichtich foar him west. „Bij nijbou fan iepenbiere gebouwen is it regel dat der altyd in ferplicht potsje reservearre wurdt foar keunst. As ik dan sa'n opdracht krige, hiene we altyd petear oer wat foar keunstwurk sa'n organisaasje

foar eagen hie. Mar oer foarm en ynhâld hiene se meastal net neitocht.” Hy glimket. „Dus dan krige ik de frijheid om sels wat te ferbyldzjen.” Sa frege de doedestiidske Katholieke Nijverheidsschool Het Anker oan it Vrijheidsplein fan Ljouwert him ris foar in byldwurk oan de muorre. „Ik haw altyd mei it geloof dwaande west. Ik fûn it in moaie gelegenheid om Kristus te ferbyldzjen. Mar hoe moast ik dat ferbine mei in anker?” Ynienen krige er it idee om Kristus op in boat te ferbyldzjen wylst er syn ferhalen fertelde. De Kristusfiguer krige mei syn útstutsen earms op de boat de foarm fan in anker. „symboal fan leauwe, hope en leafde.” Hy komt oerein út de stoel en stifelet nei de kast ta dy't folstood is mei keunstboeken en knipsels. Even letter komt er werom en langet in boekje oer: *Zal er na 2000 een christelijke organisatie zijn?*

Yn it boekje wurdt krekt dit keramysk reliëfwurk fan Popma, in wurk fan trije meter heech neamd dat yn de tiid fan dit skriuwsel ferdwûn wie efter de klimop. „Verdwonen achter de woeker van onkunde, ongeloof en onverschilligheid”, sa skriuwt Auke van Nijen.

„Kristus fertsjintwurdiget foar my it geloof. Nee, ik wit net wêrom't it geloof sa wichtich foar my is. Mar my is wol dúdlik dat der folle mear is” - Popma ûnderstrekke de wurden mei grutte gebearnten -, „as dat wy sjogge. Dat der op dizze wrâld bygelyks like folle jonges as famkes omstappe. Dat it libben yn dy moaie balâns al iuwen en iuwen fierder giet. Hoe kin dat? It kin net oars of dat is lieding. As dy lieding der net wie, hiene we miskien allin-

nich mar manlju óf froulju hân. Soks wurdt dus allegear regele. Dy lieding is de natuer. Ik leau yn de skepping. Sjoch, as wy it oer God hawwe, dan hawwe wy it oer in figuer. Mar foar my is God gjin figuer. Christus is ek in belangrike figuer, mar mei de skepping hat it neat te meitsjen. It is echt lestich dúdlik te meitsjen wêr't ik mei dwaande bin. En dy skepping is dus gjin Kristus. Jo snappe it net mear hielendal? Nee, ik snap it ek net, it is net te oersjen. Mar ik ferwûnderje my wol oer de natuer. It libben is in wûnder.”

It praten oer en wer is in hiele toer. Popma is helder fan geast, mar as jo stokdôf binne, is it net ienfâldich om de fragen te beantwurdzjen. Ek net as interviewer syn bêst docht om de fragen - sa kreas mooglik opskreaun - fia in briefke oer de tafel - want oardel meter ôfstân - te stellen.

Flecht nei it ljocht

Popma hong it skildersark oan 'e wylgen doe't er njoggentich wie. „Doe hie ik de soarch foar myn frou.” Hy rint nei in boekekast neist it rût en hellet wat boeken foar it ljocht. Even letter lizze der twa boeken foar my: *Sadrach* en *Het wiel op school* fan Meindert de Jong, in Amearikaanske skriuwer dy't oan it waad, yn Wierum berne waard. „Myn frou, Jo Gall, wie boeke-illustrator en hat de yllustraasjes by dizze boeken fersoarge. Se hat de kunstnijverheidsskoalle yn Amsterdam dien, sjoch. Ja, dy trije ynliste útknipte figuerkes boppe de bank binne ek fan har.”

Doe't er thús soargje moast, besleat er mei it skilderjen op te

Dy minsken sjogge gjin ljocht, sizze se dan. Se wolle gewoan út it tsjuster wei, tink ik dan

hâlden. „Ik haw altyd o sa konsintrearre op myn wurk west.” Faak skildere er de Fryske natuer dy't him sa nei wie. Tagelyk wie it in oanklacht tsjin de yndustrialisaasje dy't dy unike natuer sa útklaaide. „Mar doe haw ik dus al myn wurk en myn atelier fuortdien. Ik hie sa'n fermoeden dat it mei my ek ôfrinne soe.” Popma skonk syn wurk oan Nijkleaster. „Wêrom? Dan moat ik jo earst wat fertelle.” Hy rint nei de kast ta en hellet in kopytsje út de kast neist de gaskachel dy't in wite teepot lekker waarm hâldt. Op de print sjoch ik links in seedyk lizzen. Flak dêr tsjinoan, ûnder by it Waad, rint in asfaltearre dyk. Donkere wolken kleurje de loft. Linksboppe komt in driigjende loft tichterby.

Reint it? Op ien plak yn alle gefallen net. Dêr brekt de loft iepen. In skreef sinnich ljocht docht it grien op de seedyk opljochtsjen. „Dit is ien fan myn lêste lânskippen: *De flecht nei it ljocht*.” ❶ Wêr it orizjineel bleaun is? Nimmen dy't it wit.

Gjin ljocht

It skilderij ûntstie nei in treinreis. „Ik hie mei immen praat en trije dagen letter hearde ik dat er him tekoart dien hie. Der binne tefolle minsken dy't harsels te koart dogge. Ik hearde sa fan in arts dy't út it libben stapt wie. It praat wie dat er it oan it hert hie, mar it werklike ferhaal wie dus oars. Dy minsken sjogge gjin ljocht, sizze se dan fan sokke minsken. Se wolle gewoan út it tsjuster wei, tink ik dan.”

Yn Nijkleaster seach Popma wat werom fan de soarch foar minsken dy't yn need sitte en help nedich hawwe. Of die it him ek tinken oan pastoraal sintrum Heliatros yn Rottefalle fan fjirtich jier dêrfoar? Yn alle gefallen woe hy syn neilittenskip tahawwe oan dit plak foar stilte, besinning en ferbining. Nee, hy hat gjin oanstriid mear om te skilderjen. „Doe't ik dy lêste kear by it atelier weirûn, haw ik ek ôfskied nommen fan it wurk.”

❶ Wurkgroep JP100 organisearret dit jier allerhanne aktiviteiten om it hûndertste bertejier fan Jentsje Popma hinne, mei ûnder oare in boek oer syn wurk en libben, lêzingen oer Jentsje Popma en syn missy foar it Fryske lânskip, in tentoanstelling yn de Grutte tsjerke fan Ljouwert en in ferkeaptentoanstelling yn de Redbadtsjerke fan Jorwert.